



**DOKTER HELP, IK HAW SE
NET ALLEGARRE**
(Verruckte haben's auch nicht leicht)

Komeedzje yn twa bedriuwen

fan

BERND SPEHLING

Frysk oerset

troch

Lammert Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
Tel: 072 - 5 11 24 07
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DOKTER HELP, IK HAW SE NET ALLEGARRE - VERRUCKTE HABEN'S AUCH NICHT LEICHT** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de titels en volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **BERND SPEHLING** en vertaler **Lammert Dijkstra** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © Plausus Verlag
2019 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv
Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363
1800 AJ Alkmaar
Telefoon 072 - 5112135
Website: www.ibva.nl
Email: info@ibva.nl
ING bank: IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **10** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

JONAS NIEUWENHOF - sêd fan 't arbeidzjen en besykjend, troch him foar te dwaan as geastlik siik, it predikaat arbeidsûngeskiktens te krijen

CHANTAL - syn, nei letter bliken dwaan sil, skeptyske frou; sy ken har poehamakker ommers troch en troch

ANTON - Jonas' hertsfreon en rjochterhân, dy't troch syn maat folslein útrûpele wurdt

DOKTER HEILBOS - haad fan de klinyk, dêr't Jonas úteinliks opnaam wurdt, en net sa sljocht op sikefûnspasjinten

FROUKANT - de oan de klinyk ferbûn psychologe en, lykas wolris faker foarkommend, ek in bytsje skeind

SUSTER BIBI - kreaze ferpleechster en perfoarst net ôfkearich fan in aventoerke

BRIDGET GRIJPHORST - masseuse, dy't net swier tilt oan de aard fan de massazje en ek net oer wa't wa no massearret

RANDY SCHRIKS - tweintichjierrige tûzenpoat, hypermodern yn de klean, dy't lykwols gjin yndikaasje binne foar syn yntelliginsje

MEHMET OZGÜL - Turkske lijensgenoat fan Jonas, altiten fersierd mei gouden sieraden; 'hij goed handelaar zijn en hebben acht dochters' (ferstiet Frysk, mar praat it net)

SARA SINTEL - depressive pasjinte, sa om de fjirtich jier hinne en hiel noch wol attraktyf

Fierders noch twa sikebruorren sûnder tekst; sy kinne maklik spile wurde as dûbelrôl troch Anton en Randy; as der foar dit optreden twa ekstra minsken naam wurde, dan is it moai meinaam, as dit gewante en nochal rûge figueren yn it wyt binne.

5 froulju - 5 manlju en 2 mannen sûnder tekst

DEKOR:

It stik spilet him ôf yn in romte, dy't foar ferskillende doelen brûkt wurdt, der hoege gjin tuskentiidske feroarings oanbrocht te wurden en de tafrielen wurde beskreaun fan de seal út sjoen. Yn de koarte kant linksfoar in doar nei de behannelkeamers, links-efter in iepen trochgong nei de resepsje. Yn de koarte kant rjochtsfoar in doar nei nei de keamers fan de froulike pasjinten, rjochtsefter in doar nei dy fan de manlike pasjinten Tsjin de efterkant rjochts is in massaazjehoeke situearre. Dêr stiet in massaazjetafel of -bêd yn, mei tsjin it lewant inkelde ôfbyldings fan it minsklik lichem, lykas wenst. Dy romte is ôfsletten mei in gerdyn, dat iepen en ticht skood wurde kin. Foar it meastepart linksefter op it toaniel, skean, in buro mei derefter in stoel. Op it buro wat dossiers, in pinnebakje, ensfh., en ek in tillefoan. Yn de romte steane in stik as fjouwer, fiif yn elkoar of op elkoar skode plastic stuollen. Oan de muorren hingje alderlei posters, lykas fan 'e hertstichting, anty-smookreklame, sûn bewege, ensfh. Al nei de mooglikheden op it plak sels, kin ek noch earne in hometrainer stean en/of in skelet, leit hjir of dêr in gimnestykbal en neam mar op. 'n Rút is net perfoarst needsaaklik, mar as de dekor-bouwer der om dekorative redenen dochs gebrûk fan winsket te meitsjen, dan moat it wol útsjoch jaan op in moai en rêstich lânskip.

EARSTE BEDRIUW

(as it toaniel sichtber wurdt, is it gerdyn om de massaaazjebank hinne sletten en kin de dialooch efter it gerdyn wei heard wurde)

BRIDGET: Leave santjin!

MEHMET: Doe maar, het wel lukken!

BRIDGET: No sis, dat soe ik neat tocht hawwe!

MEHMET: (*skreaut*) Aaaaah!

BRIDGET: Giet 't noch?

MEHMET: Ja, verder!

BRIDGET: (*muoisum*) Is 't sa goed?

MEHMET: (*skreaut*) Aaaaah!

BRIDGET: Leave santjin, hjoed is er bysûnder hurd!

MEHMET: Dat komen, omdat Mehmet allang niet meer hier was.

BRIDGET: Soene jo tinke?

MEHMET: (*skreaut*) Aaaaah, ik geloof, hij nu klem zitten!

BRIDGET: Ach wat, dat is mar ynbylding.

MEHMET: Zeker weten?

BRIDGET: No ja, wat is tsjintwurdich wis?

MEHMET: Zoveel pijn het Mehmet alleen maar gedaan hebben bij eerste keer.

BRIDGET: En, hoelang is dat lyn?

MEHMET: Mehmet denken twee weken

BRIDGET: No, dan begjint it dochs al moai te einen.

MEHMET: (*skreaut*) Auwaaaah, dat niet gaan!

BRIDGET: It moat! Juster gyng it ek!

MEHMET: Ik denken, in Nederland actieve euthanasie is verboden?

BRIDGET: En ik bin der altiten fanút gien, dat jimme Súdlanners net sa searkreunend wêze soene.

MEHMET: Zeerkreunend? Ik menen, ik ben hier in kuuroord en niet in heilige oorlog! (*Bridget lukt it gerdyn iepen en it publyk sjocht Mehmet plat op it liif op in massaaazjebank lizzen; Bridget, hielendal yn 't wyt, is dwaande har mouwen wer nei ûnderen te rôljen*)

BRIDGET: Sa, foar hjoed sit 't it der wer op. Jo fertochte rêchspier liket no alwer wat minder hurd, mar we moatte der wol oan wurkjen bliuwe.

MEHMET: (*komt fan 'e bank en lukt it himd oan*) Oh nee!

BRIDGET: Soksoarte massaaazjes hawwe jo grif noch nea earder hân, is 't net sa?

MEHMET: Jawel, thuis bij mij.

BRIDGET: Hoe miene jo? (*lukt it gerdyn ticht*)

MEHMET: Mijn vader heeft broer, is oom fan Mehmet. En die kennen vriend met zeven zussen, waarvan één het geleerd. Zij werken heel veel vroeger in bakkerij en altijd kneden deeg.

BRIDGET: (*wat betize, sjocht op 't horloazje*) Sa, Ozgöl, en no moatte jo nei de praatterapy.

MEHMET: Oh nee, niet alweer praten en spreken.

BRIDGET: Menear Ozgöl, jo binne hjir no al, lykas jo sels krekt seine, fjirtjin dagen, en dêrom soene jo sa njonkelytsen dochts ek wol oan de gong fan saken yn dizze klinyk wend wêze moatte.

MEHMET: Maar aan psychologe ik nooit wennen. De laatste keer ik bij mevrouw Kant hebben gekeken naar videofilm met allemaal groene bomen.

BRIDGET: Aha, ynteressant. En doe moasten jo fansels jo gewaarwurdings by it sjen fan dy bylden ûnder wurden bringe, net wier?

MEHMET: Nee, niet waar! Psychologe heeft gevraagd: Mehmet, wat zijn voor jou de parallellen tussen deze videofilm en je vrouw?

BRIDGET: Aha, sjoch ris oan. En wat hawwe jo antwurde?

MEHMET: Ik zeggen, het verschil is, dat ik ook na vijf jaar nog graag naar video kijk.

BRIDGET: (*him meinimmend en tegearre ôf linksfoar*) Kom no mar mei. Jo kinne frou Kant net wachtsje litte.

JONAS: (*op fan linksefter, sjocht om him hinne, is sichtber entûsjast*) Prachtich! (*ropt efter him*) Anton ... kom no! (*yn himsels, nei doar rjochtsefter*) Krekt sa haw ik it mysels ek yntocht! (*nijsgjirrich yn doar sjend en dêrnei of; dan komt Anton fan linksefter op, oerbelestige mei reisbagaazje*)

ANTON: Wêr bisto dan no wer? Ik soe wolris witte wolle, wêrom't ik dyn bagaazje tille moat! (*giet midden op 't toaniel op 'n koffer sitten, ropt*) Jonas? Wol stom, keardel, wat moat dat no? Earst litst my goed trije oeren hjir nei ta ride en dan mei ik út tank ek noch foar pakezel boartsje. As dat sa fierder giet, bin ik earder ryp foar in klinyk as dy. (*sjocht sykjend om hin hinne, komt oerein en giet dan nijsgjirrich linksfoar ôf*)

JONAS: (*op rjochtsefter*) Sis, moatst neigean, hjir kinst sels tafeltennis ... (*sjocht allinnich de bagaazje*) Anton, wat moat dy ûnsin? (*ôf linksefter*) Mei dy op reis gean is wier gjin feestje, hear.

ANTON: (*werom fan linksfoar*) Allegearre behannelkeamers en dy tastellen sjogge der net gesellich út. Boppedat rûke se ek noch nei swit. (*ropt*) Joonas! (*sjocht op 'e nij om him hinne, dan rjochts-foar ôf, wêrnei't fuort frouljusstimmen te hearren binne*)

STIMMEN: Hé sis, wat moat dat? Derút hjirre, dat is dochs skandalich! Ast dan beslist froulju sjen wolst, sjoch dan ferdoarje op ynternet, lykas oaren dat dogge.

ANTON: *(komt efterstebek en stroffeljend rjochtsfoar op, sûnder syn jaske, falt sà, dat de doar wer tichtfalt, sit dan gewoan op 'e grûn, helpleas)* Nim my kwea ôf, dames. Ik koe dochs net witte, dat dit de damesôfdieling is. *(de doar wurdt iepene en syn jaske fljocht nei bûten, en wol sà, dat it syn holle bedekt; hy bliuwt sa sitten)*

JONAS: *(wer op fan linksefter)* Anton? *(sjocht him sitten, skuort it jaske fan 'e holle)* Ferdoarje Anton, wurdt no einlings ris folwoeksen man. Hast dan wier neat oars as ûnsin yn dyn holle?

ANTON: *(oereinkommend, doelend op doar)* Dat is de damesôfdieling.

JONAS: *(bliid)* Tinkst dat?

ANTON: Nee, ik 'wit' it!

JONAS: Hoe bisto dêr dan efter kaam?

ANTON: Ik wie deryn.

JONAS: *(ferheard)* Nee!

ANTON: Wat ik dy sis.

JONAS: Do? Nea!

ANTON: Ik swar it! Hoe soe ik it oars witte kinne? *(Jonas stoarret biologearre nei de doar, wylst Anton efter him stiet, oanfiterjend)* Sjoch dochs sels ris man!

JONAS: Tinkst dat echt?

ANTON: Dyn frou sit hjir trijehûndert kilometer wei. En in inkeld eachje op dat snobbersguod kin dochs gjin kwea?

JONAS: Hast gelyk oan. Giest mei?

ANTON: *(kjel wurden)* Nee!! *(wer gewoan)* Nee *(oerlizzend)* Immen sil dochs om de bagaazje tinke moatte?!

JONAS: Ja, dat is wier. *(giet mei de hân troch syn hier, lûkt syn strik rjocht en giet dan mei bravoer rjochts ôf; Anton stiet him, yn 'e ferwachting dat Jonas der sa útsmiten wurde sil, te fergriemen; dan komt der ûnleauwen op syn gesicht, hy begrypt it net; Jonas komt werom, der sit lippestift op syn wang, syn hier sit yn 'e tiis en syn strik hinget út it lead)*

ANTON: *(mei in strak gesicht)* En?

JONAS: *(nonsjalant)* Och jonge, do kenst myn reputaasje by it froufolk dochs? En wa wit, hoe lang't dy dêre al net fan hûs binne. *(hellet briefke út 'e bûse)* Sa, en no mot ik earst ris sjen wêr't ik wêze moat. De juffer by de ûntfangst hat sein, dat ik my by it haad fan de klinyk melde moat, *(lêst)* in dokter Heilbos.

ANTON: (*yn noed*) Jonas, beseftstjo wol watstjo dochst? Dat soe ommers as gewoan ordinêr bedroch útlein wurde kinne.

JONAS: (*kje!*) Net sa lûd man! Stel dat immen it heart! Mar harkje, myn beslút stiet fêst. Dizze klinyk is foar my de kaai ta in soargeleas fierder libben op dizze wrâld, sûnder arbeidzjen. Fan de stress op it bedriuw haw ik it liif mear as fol.

ANTON: Mar allinnich om't dyn nicht troch psychyske problemen ôfkeurd waard, wol dat noch net sizze, dat it dy ek slagje sil.

JONAS: Ha, wachtsje mar ris ôf. Fan hjoed ôf haw ik ek psychyske problemen. Soks is nammentlik dreech te kontrolearjen. En as ik hjir wei gean, krij ik in libben as God yn Frankryk. Alle dagen fiskje en moarns, as de frou nei har wurk is en myn kollega's al opjage wurde troch de sjef, draai ik my nochris lekker om yn myn bedsje.

ANTON: En wat dochst yn 'e winter?

JONAS: Der komt my wol wat yn 't sin, dat is wis.

ANTON: Ik kin it net helpe, mar ik haw der in swiere mûtse oer op.

JONAS: Unsin! Ik bin no achtenfjirtich jier en haw besletten, dat ik lang genôch wurke haw. En wa kin my garandearje, dat ik anst noch myn pinsjoen krij?

ANTON: De minister hat sein, dat de pinsjoenen feilich binne.

JONAS: Dat hat de kaptein fan de Titanic ek oer syn skip sein. Nee jonge, ik gean hjir net wei sûnder bewiis yn 'e bûse dat ik absolút arbeidsûngeskikt bin. En dat slagget! Op it wurk tinke se dochs al dat ik mei mooltsjes rin.

ANTON: (*wifeljend*) Ik wit net. Dyn húsdokter hast ek al wiismakke, datst lijst ûnder sliepeleazens. En wat is der fan wurden? Viagra hat er dy foarskreaun. Net om't it helpt tsjin sliepeleazens, mar it wekker bliuwen wurdt sa wat noflikker makke.

JONAS: Ach wat, dy sukkel hat dochs gjin idee.

ANTON: Boppedat liket it my ûnwierskynlyk, dat Chantal dy op in stuit net trochhawwe sil.

JONAS: Lit 'dy' derbûten, ja! Lit asjeblyft myn frou bûten dit spul! Fóár alles sil ik harren hjir earst bewize, dat ik spikergek bin en de rest docht der foarearst net ta. Kom, bring no earst ris (*doelt op de bagaazje*) de spullen nei myn keamer. Ik haw saniis al west te sjen. (*doelt op doar rjochtsefter*) Oan 'e ein fan de gong dêre, nûmer 108. De kaai stekt yn 'e doar.

ANTON: (*al mei de bagaazje dwaande en dermei ôf, foeterjend*) Hiest sels dochs ek alfêst wat meinimme kind (*Heilbos, yn wite doktersjas, en Bibi, yn ferpleechstsklean, op fan linksfoar, hy mei in map, dêr't er mei in koartstermometer oantekenings yn makket*)

BIBI: Dokter Heilbos!

HEILBOS: (*neitinkend, yn 'e fierte stoarjend*) No efkes net. (*skriuwt dan fierder*)

BIBI: Mar dokter, jo skriuwe ...

HEILBOS: Suster Bibi, asjebleaf! Ik wit sels ek wol dat ik skriuw!
(*skriuwt wer fierder*)

BIBI: Mar dokter, jo dogge 't mei in koartstermometer!

HEILBOS: (*besjocht de termometer*) Och nee, hoe kin dat no?
Wolsto ris efkes op 'e keamers sjen by hokker pasjint ik myn balpinne yn 't efterste stutsen haw?

BIBI: Wiswol, dokter.

JONAS: (*besiket him kenber te meitsjen, mar beiden dogge krekt oft hy der net is*) Eh, nim my net kwea ôf, (*kicht ris*) Nieuwenhof is de namme, Jonas Nieuwenhof en ik soe my by jo ...

HEILBOS: (*tsjin Bibi*) En, noch oare bysûnderheden hjoed?

BIBI: De hear Greveling fan keamer 113 hat lêst fan diarree en lit freegje, oft er dêrmei yn bad kin.

HEILBOS: Welja, as hy tinkt, dat de toiletspot dêr te lyts foar is.

JONAS: (*besiket it noch ris*) Nim my net kwea ôf ...

BIBI: De pasjint fan keamer 74 klaget deroer, dat er net beslisse kin tusken operearje of deagean.

HEILBOS: Hmmm. Mei in bytsje gelok kin er beide yn ien kear krije.

JONAS: Ik wol fansels net steure, mar ik soe my by jo ...

BIBI: De pasjint fan keamer 186 hat fan jo in medikamint krigen, dat him mear krêft jaan moat.

HEILBOS: No, dat is dochs fantastysk!

BIBI: Dat wol, mar hy kin de flesse net iepenkrije.

HEILBOS: Mar suster, dan helpe jo him dêr dochs mei?

BIBI: It is my ek net slagge.

JONAS: (*in bytsje lilik*) Ik soe jo no dochs echt wol efkes te wurd wolle, dokter.

HEILBOS: No ja, gjin wichtige saken dus. Mar kom, lit ús no earst ris efkes de besites trochnimme. (*beprate dy mûskopjend oan de hân fan de ynhâld fan de map*)

JONAS: (*lilk, simulearret no in hertoanfal*) O, myn hert! Ik leau, dat der driuwend in dokter komme moat! (*sjocht skean yn harren rjochting, mar gjin reaksje*) Oooh, ik krij it ynienen sa kâld, ooooh! (*hy lit him heal op 'e grûn falle, bliuwt in momint ûnferweechlik, loert skean yn harren rjochting en komt dan linkendewei mar wer oerein*)

HEILBOS: Goed. Dan soe ik foarstelle wolle om by de frouljusôfdieling te begjinnen.

BIBI: (*tegearre nei rjochtsfoar*) Sa't jo wolle, dokter.

JONAS: (*poerlulk, skreaut as se al hast ôf binne*) Om 'e donder net! Ik bin privee fersekere en haw der dochs rjocht op om heard te wurden! (*Heilbos en Bibi komme fuortdaliks werom*)

HEILBOS: (*oerdreaun freonlik*) Hallo sis. Nim my net kwea! Ik hie jo net fuortendaliks sjoen. Hoe wie de namme ek alwer?

JONAS: Jonas Nieuwenhof en ik woe ...

HEILBOS: (*nimt him mei nei it buro, wylst Bibi inksfoar ôfgiet*) Soa, No sille we jo kwestje ris yngeand ûnder de loep nimme, myn bêste Nieuwenhof. Hiene jo in noflikke reis hjirhinne?

JONAS: Witte jo, ik fiel my de lêste tiid net mear sa bêst en dêrom haw ik my hjir troch in freon hinne ride litten

HEILBOS: Aha (*fynt it op syn buro*) En sjoch hjir ris, hjir is ek al jo dossier. Jo komst waard ommers al oankundige. Ik moat it allinnich noch op inkelde relevante punten oanfolje, as jo my tasteane. (*brûkt in balpinne dy't yn it pinnebakje leit*)

JONAS: Asjebleaft, folje jo mar oan.

HEILBOS: Oan it berjocht fan jo húsdokter ûntlien ik, dat jo je net mear by steat fiele jo berop út te oefenjen en dêrom stelt hy betider pinsjoen foar.

JONAS: (*bliid*) Krekt! Betider pinsjoen (*no lijend*) It is my yndied net mear mooglik myn wurk te dwaan.

HEILBOS: Aha, en kinne jo dat wat neier taljochtsje. Mar asjebleaft, nim dochs earst in stoel.

JONAS: (*pakt in stoel fan de steapel, giet dêrmei efter it buro lyk njonken de dokter sitten, amikaal, mei de earmtakken op 'e knibbels*) Sjoch dokter, dat sil ik jo ris presys útlizze. It sit sa. Ik wurd, earlik sein ...

HEILBOS: (*ûnderbrekkend, earst kichjend en op 'e oare kant fan 't buro doelend*) Eh, graach oan de oare kant, asjebleaft.

JONAS: (*ferheard, oereinkommend*) Oan de oare kant? No ja, as jo dat wolle. (*giet mei de stoel nei rjochts, draait him, al oer de helte fan 't toaniel, noch efkes om*) Moatte we wol raze, dokter.

HEILBOS: (*wiist wer op 'e foarkant fan 't buro*) Ik bedoelde mear hjir.

JONAS: (*giet no foar it buro sitten*) Ach soa, ik tocht ek al. Mar sjoch dokter, ik wurd, earlik sein, al siik fan allinne mar sjen nei it wurk. Inkeld en allinne akten en dat soarte fan spul, witte jo wol. Planút ferskriklik. En nachts dream ik, dat ik op skyfakânsje bin. Mar de bergen, dêr't ik nei ûnderen ta fan sûzjen kom, besteane net út snie, mar út mappen, ordners en akten. Ik hie nammers ek al ris in senuwysinking.

HEILBOS: Ah ja. (*yn it dossier sjend*) Ik sjoch, jo hawwe jo meardere ek al ris beskildere, doe't er ûnder it middeisskoft in knipperke die.

JONAS: Nee nee, dat is in fierstente grut wurd. It wie mar in lyts blomke op 'e foarholle.

HEILBOS: Hiene jo dêr in spesjale reden ta?

JONAS: Net dat ik wit. Miskien kaam 't wol, om't er Bloemers hjit.

HEILBOS: (*sjocht wer yn 't dossier*) Jo binne ôfdielingshaad by in ferstjoerhûs, les ik hjir.

JONAS: Dat wie ik.

HEILBOS: En?

JONAS: Se hawwe my oerpleatst nei de postôfdieling en dêr moast ik de ûntfangstdatum op de ynkommende post stimpelje.

HEILBOS: En wat haw jo dêr noch fierder dien?

JONAS: Neat. Allinne mar stimpelje. De kollega's wiene fan betinken, dat it sa it bêste wie.

HEILBOS: Dat wol sizze, dat jo der alle dagen acht oeren mei dwaande wiene, de ûntfangstdatum op de post te stimpeljen.

JONAS: Ja, krekt!

HEILBOS: Waard dat dan net in bytsje ientoanich op 'e lange doer?

JONAS: Och, dat foel nochal ta. Witte jo, it wie ommers alle dagen in oare datum.

HEILBOS: No ja, ik sil jo yn alle gefallen yn hannen jaan moatte fan ús psychologe. Sy sil de fraach beantwurdzje moatte, oft der foar jo in heilsame terapy mooglik is, of dat jo it aktive berops-libben farwol sizze moatte.

JONAS: (*útskroeven*) Ja ja! ... (*mismoedich*) Ik moat der net oan tinke.

HEILBOS: Wurket jo frou faaks ek?

JONAS: Ja.

HEILBOS: Soene jo dan miskien it húshâlden dwaan wolle? Kinne jo mooglik itensiede?

JONAS: Sa út en troch wolris ... as ik poerlik bin.

HEILBOS: Goed, dan sil ús psychologe, frou Kant, har mei jo dwaande hâlde. Hawwe jo al op jo keamer west?

JONAS: Ik sels wie der noch net. Mar myn freon is der al mei myn bagaazje hinne. Mar eh, wat ik noch freegje wol: tinke jo, dat soks noch te genêzen is? Of oars sein, hoe grut is de kans dat ik ophâlde kin, uh ... 'moat' mei it wurk?

HEILBOS: Dat kin ik sa noch net sizze. Earst moatte jo yngeand ûndersocht wurde. En dêrnei kinne wy besykje jo gefoel fan wolwêzen te stimulearjen

JONAS: Ja ja, dat sil 't wol.

HEILBOS: Jo moatte yn alle gefallen posityf tinke, dat is wichtich. Nimme jo my no: ik fiel my hjir echt happy. Ik hâld fan myn berop en bin bliid mei elke sjek, eh ... pasjint, pasjint woe 'k sizze. En ik moar der alle dagen mei rekkenje (*doelt op doar linksfoar*) dat dy doar iepengiet en der in nije katastrofe myn libben binnen kuijerjen komt. (*Mehmet op dat stuit linksfoar op, treurich; Heilbos, mei opslaande eagen*) Mar we hawwe fansels ek noch âlde katastrofes.

MEHMET: (*skriemerich*) Mehmet niet meer weten wat tegen mevrouw Kant zeggen.

HEILBOS: Hoesa, Ozgöl, wat is der no wer?

MEHMET: Altijd ik moeten praten met psychomevrouw over problemen die ik niet hebben. Nederlanders zijn heel rare volk.

HEILBOS: Hoe hawwe jo dan foarhinne jo ynterminsklike swierrichheden oplost?

MEHMET: Een oom van mij in Turkije heeft schoondochter. En die haar broer in mijn dorp chef zijn van theehuis. Hij heten Jusuf en bij Jusuf allemaal drinken thee. Iemand heeft probleem, hij nemen Jusuf mee in andere kamer en hij hem vertellen alles.

HEILBOS: Aha, en hoe giet it dan fierder?

MEHMET: Niks verder. Jusuf vertellen daarna alles aan iedereen en probleem is weg.

HEILBOS: (*nokkerjend*) Net iens sa'n nuver idee.

RANDY: (*op fan linksefter*) Hi fans! (*yn boarger, 'geflipt' type, ek sa klaaid en eventueel mei grien kleure hierren*)

HEILBOS: Ha Randy, goed datst der bist. (*tsjin Jonas*) Dit is Randy Schriks. Hy is yn tsjinst yn ús klynk en docht it meast út-inoar rinnende wurk.

RANDY: (*fleurich*) In 'tûzenpoat' neamme se soks.

HEILBOS: Harkje, Randy, dit is de hear Nieuwenhof, in nije gast. En foar de goede oarder: soest efkes mei him meigean kinne, om te sjen oft alles yn oarder is mei syn keamer.

RANDY: OK dok, doch ik! Hat hy ien of oar lichaamlik mankemint of hat er se gewoan net allegearre?

HEILBOS: (*ûntset*) Randy! Byn dy wat yn! Sels as 'soe' de hear Nieuwenhof psychyske problemen hawwe, dan kin ik net tastean, datst dêr sa oer praatst. Boppedat giet it hjir oer immen dy't privee fersekere is ...!

RANDY: Ik begryp it, dok. (*tsjin Jonas*) As jo my dan mar folgje wolle. (*ôf rjochtsefter, tagelyk Anton dêrwei op*)

ANTON: (*jout Jonas de kaaï*) Asjebleaft. Bêst wol aardige keamer, dy'tst hast. (*mei knypeach*) Grut bêd.

JONAS: En wêr bliuwsto salang?

ANTON: Mar in pear strjitten fierder. Aardich pensjoen. Ik ryd der no hinne, pak myn spullen út en kom dan wer werom. Mar allinnich de earste trije dagen, lykas ôfpraat. En do komst op foar de kosten.


JONAS: Ja ja, doch mar. Dat komt wol goed.

ANTON: (*ôf linksefter*) Dan bin ik fuort. Oant aanst.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto